

# Sketen

soms tink ik : hoe soene oaren dêrmei sitte	A	D7	A
wy hawwe't allegear dochs, is't net wier	A	A7	
wy moatte allegear wolris in poepke litte	D7		
hoe dogge jo bygelyks soks no yn't iepenbier?	B7	E7	

elk minske lit gemiddeld ien yn't oere  
no, dat is hjir fan 'e jûn sa'n tachtich stiks  
en elk mar stikem nei syn buorman koekeloere  
en mar knipe en snuve en tinke: ik sis mar niks

ha jo de kringspieren noch wat ûnder kontrôle	D7	A
foar as sa'n gasbel him in paad nei bûten wrot	D7	A
of ûntsnapt it mei sa'n lûd fan weakke bôle	D7	A
of mei sa'n fluitsje lykas in tsjettel docht	B7	E7

mei jo it risseltaat ek sa graach rûke  
in mins is fan syn eigen skeetsjes dochs net fiis  
it seit in soad oer it iten dat jo brûke  
nee, wa't fynt dat er sels stjonkt, dy is net wiis

mar ja, in oarenien dy kin't faaks net wurdeare  
en yn it iepenbier wurdt soks dan in probleem  
ôfblaze yn de mannichte moattst leare  
de measte minsken dy knipe sa ekstreem

sjoch hjir yn de seal mar om jo hinne  
wa't der mei ompakt, no, dy kinst der samar út  
dan giet it sykheljen wat stadich oer yn stinnen  
en wurdt men krekt wat reader om 'e snút

der bin ek minsken dy't it echt wol doare  
en lit ien fleane dy't as in bearput stjonkt  
en dan sjogge se ferwitend nei in oaren  
en gean demonstratyf in ein oan kant

ha jo fan dit ferhaal mar argewaasje  
dan hâld ik op, mar 'k ha dochs wier gjin spyt  
want dizze tekst joech my wer ynspiraasje  
en ûndertusken koe'k der sels ek wer ien kwyt!